


De Twirre



desimber 2019



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 36e jiergong nr. 4: desimber 2019. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 febrewaris by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Paul Hoogendoorn pj.hoogendoorn@planet.nl		074 - 277 7121
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@hotmail.nl		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Dêrfoar krije Jo twa Fryske toaniel- of kabaretjûnen en fjouwer Twirres.

Rekkennûmer krite: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom nije leden

As nij lid fan de krite ha har opjûn Jannie Woudstra út Enschede en Tine Loonstra út Hengelo. Wy hoopje dat sy it by ús nei 't sin ha sille. Graach oant sjen op ien fan de aktiviteiten fan de krite.

Belangrike data

Freed 7 en 10 jan. Repetysjes fan de Twirresjongers fan 9.30 - 11.30 oere. Plak: De Waterstaatskerk, Deldenerstraat 20, Hengelo. Nije koarleden fan herte wolkom!

Sneon 25 jan. Jiergearkomste yn it Boarterstúnggebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Oanfang: 13.30 oere. Nei it skoft, in optreden fan it muzikale duo “Over tijd”.

Freed 3 april Toanieljûn by Vrieler mei “Pro Rege” út Holwert.

Needoprop: bestjoer siket nije ponghâlder!

Nei 10 jier hâldt Paul Hoogendoorn der op de jiergearkomste fan 25 jannewaris mei op. Mar ús krite kin fansels net sûnder ponghâlder. De ponghâlder fan de krite is gjin boekhâlder: kunde oan boekhâldsystemen is absolút net nedich. Sekuer alle ynkkomsten en útjeften yn de administraasje ferarbeidzje is úteraard wol in eask. Paul is wol syn opfolger (man of frou) graach mei it ynwurkjen. (Miskien) Belangstelling? Skromje net, nim foar neiere ynformaasje en taljochting kontakt op mei foarsitter Siebe Hiemstra, fise-foarsitter Grieteke van der Veer of mei Paul sels. Sjoch foar mailadressen en tillefoannûmers de side hjirneist. It bestjoer

Kontribúsje 2020 oermeitsje asjebleaft!

Freonlik fersyk: sa gau mooglik de kontribúsje oermeitsje op bankrekken NL08 INGB 0004 2915 44 fan Freonen Fryske Kultuer. De kontribúsje 2020 is ûnferoare 20 euro foar ien persoan en 35 euro foar in pear. By foarrie tank! Paul Hoogendoorn, ponghâlder

Fryske siswizen (út it Bûsboekje fan dit jier)

- Heit wurde is in geunst, heit wêze is in hiele keunst.
- Hja is har mem út de mûle stapt.
- As omke wei is, dan is muoike der noch (nimmen is ûnmisber).
- Hy skaait der wat út (is wat oars as oars).
- It sit yn 'e famylje.

Kritejûn op 19 oktober mei “Blikstiender”



Omdat foarsitter Siebe Hiemstra siik is, iepenet Grieteke van der Veer dizze kritejûn. Sy kin sa'n 60 minsken wolkom hjitte. Us dirigint Hidde Walstra is jûn behindere en dêrom sjonge wy in pear ferskes mei de hiele seal: De Wâldsang en it Feintsje fan Menaam. It eigen kombo fan it selskip út De Lemmer soarget foar de begelieding. Mei it programma “Fryslân Heite” meitsje wy in reis troch de skiednis fan Fryslân. It begjint yn de tiid dat de minsken betinke dat se droege fuotten hâlde as se op in ferheging wenjen geane. Sa ûntstiene de terpen. De ramp fan Paesens/Moddergat wurdt op bysûnder moaie yndringende wize behannele. Yn 'e seal kinne jo in spjelde fallen hearre. Datselde bart, in skoftsje letter, as it giet oer it libben en de tryste ein fan Mata Hari. In oade

oan it selskip Tetman en Jarich falt altyd goed. En we kinne de ferskes meisjonge, de teksten ferskine op in skerm. “Dan is de maitiid” ûntbrekt fansels net. Hiel fermaaklik binne de sketsen oer de oanhingers fan de fuotbalklubs Cambuur en It Hearrenfean en oer de kleur Koskintengrien. Oan 'e ein toch ek de soarch om de taal; hoelang bliuwt dy noch bestean? Der is in sterke frou nedich (Grutte Pier is al west). Dus as beslút sjonge we oer Sterke Tryn op de wize fan, “*O, when de saints go marching in...*” By de ferlotting soarget Hendrik Tel der wer op syn eigen wize foar dat alle pryskes oan de frou/man brocht wurde. Eeke hat wer in aardich oantal Fryske boeken en tydskriften ferkocht of útliend. We kinne weromsen op in hiele moaie Fryske jûn. □ Ali Bonhof

Lamkje

Piter en Joukje ha in Lamkje krigen. Piter hat ús út 'e doeken dien hoe't se oan dy namme kamen.

Wy woene de famylje graach ferneame, mar it moat ek kinne. Jouk en ik hiene it der al withoefaak oer hân. Waard it in jonge, dan wiene wy oan Klaas ta, nei myn heit. Dêr koene wy net oan begjinne no? It tilt op fan de Klazen, om samar te sizzen. Wêrom soe der dan noch ien by moatte? Waard it in famke, dan soene wy op Tryntsje oanwiisd wêze, nei Joukje har mem. Dêr hoegden wy net iens oan te tinken. It stjonkt al fan de Tryntsjes. As wy it bern dy namme joegen mochten de lju wol tinke dat wy net iens bliid mei it famke wiene. Dêrom sei 'k, wy sykje in namme bûten de famylje om.

Wy hawwe der lang om socht, mar waarden it iens. Wie it in jonkje, dan soe er Lammert hjitte. Gjin Lambertus of in oare healwizichheid, deagewoan Lammert. Dat is in namme dy't der mear en mear útgiet.

Safier wiene wy. Doe moasten wy de oare mooglikheid ûnder eagen sjen, as it in famke waard. Wy hawwe der jûnen mei sitten oant Joukje sei, wel dan wurdt it in Lamkje, fan Lammert sjoch? Ik sei, stom dat wy dêr net earder op komd binne. It lei deagewoan foar de hân, mar der net op sinne. Sa nuver kin men der faak by komme. No hjit se Lamkje, in namme dy't men alle dagen net mear tsjin komt.

□ Paulus Akkerman

Even puzelje


De oplossing fan de foarige puzel wie: de iisfontein stiet yn Dokkum, de flearmûs yn Boalsert, de walfisk is yn Harns en de fisk fine wy yn Starum.

No in Fryske saneamde “droedel”-puzel. Sjoch nei it plaatsje mei de letters dy't op in bepaalde manier skreaun binne.

Welke namme fan in doarp yn Fryslân stiet dêr?

Sa't ik sei, Jo moatte wol even yn it Frysk tinke

□ Eeke



Rimen en Teltsjes

Jo ha der fêst wolris fan heard; it is in tsjok boek mei rymkes en ferhalen út de jierren 1820 oant 1858, skreaun troch de bruorren Joast, Tsjalling en Eeltsje Halbersma út Grou, wer't harren heit en mem in bakkerij hiene. Dizze âlders stoaren beide yn 1809; doe wiene de broers noch mar 19, 17 en 11 jier. Joast soe letter meniste dûmny wurde yn Deventer, Eeltsje dokter yn Grou, Tsjalling hold earst de bakkerij geande en wie letter keapman. Der wie ek noch in broer Binert; dy sette yn Grou in grutte houthannel op mei letter in oantal filialen yn oare stêden. Dan dat boek; wêrtroch is dat noch altyd bekend? It is no al 200 jier lyn dat it skreaun waard. It waard doe skreaun foar de gewoane Friezen en it gie oer harren gewoane libben mei al syn leed, bespegelingen oer de lekken en brekken fan de minsk en moaie humoristyske foarfallen en dat yn har eigen taal.

*1. Hoe fljocht de tiid dochs fuort!
Sa blaast de stoarm de weagen
Yn skom en bûlen wei.
In skynsel foar ús eagen.*

*6. Wat de iene ôfnomd wurdt,
Hat de oare wer oerfloedich:
De rykdom bringt syn soarch;
Dy soarch hat, wurdt swiermoedich.*


En dat wie bysûnder. Fansels stieneder wurden yn

dy't wy no net mear brûke en de stavering wie noch net standardisearre. Beide binne yn de rin fan de ferskillende werprintings fan it boek oanpast, sadat we der yn ús tiid ek noch niget oan ha om it te lêzen. En no kinne we de printinge út 1918 fergees “downloade” op ús kompjûter. It is net de nijste druk; dy datearret út 1994.

It grutste part fan de Rimen en Teltsjes is skreaun troch Eeltsje. Fan syn hân is ek it Frysk Folkliet en oare lieten, dy't de Twirresjongers no noch sjonge. Omt we no wer krekt yn'e jierwiksel sitte, hjir in pear kûpletten út de *Grouster Rattelwachts Nijjerswinsk* foar 1842 (yn de no-tiidske spelling):

*7. En de earme hat mar soarch
Foar klean en foar wat iten,
Dat faak fan rike lju
Oerdiedich wurdt fersmiten.*

*18. No binne ús winsken út,
Wês no dan ek tefreden.
Wês bliid op dizze dei,
Mar mei ferstân en reden.*



Famyljeberjochten

Op de kritejûn yn oktober hearden wy dat ien fan ús âldste leden, Jeen van der Meulen, yn de ôfrûne simmer ferstoarn is. Jeen wie ien fan oprjochters fan ús krite, Freonen Fryske Kultuer. Hy en de frou wiene hast altyd op de kritejûnen oanwêzich en giene ek graach mei yn de bus.

Op 7 novimber is ús kritelid Marten Witte Dijkstra stoarn yn de âldens fan 84 jier. Marten en Coby Dijkstra binne ek trouwe leden fan de krite. Coby fersoarge tsien jier lang de Boekeferkeap foar de krite.

Us meilibjen giet út nei alle neisten en wy winskje har krêft ta om it ferlies te ferwurkjen. □ It bestjoer

Jiergearkomste op sneon 25 jannewaris 2020

Alle leden fan de krite wurde útnoege foar de Jiergearkomste op sneontemiddei 25 jannewaris yn it Boarterstúnggebou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede om 13.30. Sa as altyd begjinne wy mei nijjierwinskjen en kofje of tee mei oranjekoeke. De ferslaggen foar de fergadering lizze dan al op 'e tafels, sadat elk se trochlêze kin. We sjogge werom nei it ôfrûne jier en nei de plannen foar it kommende jier wurde besprutsen: Jubileum? Reiske? Wêr hinne? Fryske tsjerketsjinst? Yn it bestjoer komt in belangrike wiziging. Ponghâlder Paul Hoogendoorn is ôftredend en net werkiesber, dus dêr moat in opfolger foar komme.

Nei it skoft in optreden fan it muzikale duo “Over tijd”.

Ab en Hilda van der Wagen binne al jierren mei wille dwaande mei muzyk. Ab spilet akkordeon by trije koaren en Hilda spilet gitaar en sjongt yn ferskate koaren. Se trede ek sa no en dan op foar groepen âlderen en sjonge dan meiïnoar ferskes fan eartiids. Faaks kinne sy ek Fryske wyskes spylje, sadat wy meisjonge kinne. □ It bestjoer

Kâld

*It is sa alderheislike, danige,
fernigige, ferhipe,
ferskuorrende, fleanende,
fûleindige, glûpende,*

*âlderwetsk, kriende,
oan it hert ta, springende,
stjerrende, troch alles hinne kâld.
(Ut in âlde Fryske Aginda)*

Snie (Atze Bosch)

*Snie komt wrimeljend en boartsjend
op de azem fan 'e wyn,
wevet rêd foar berne-eagen
oer de wrâld in wyt gerdyn.*

*Snie driuwt fladderjend en stowend
grouwe flokken foar him út,
brokket glinsterjige skobben,
tsjoent in listke om myn rût.*

*Snie dy't dûnzich fierder twirret
leit syn weefsel och sa fyn
oer in grize grauwe ierde
as in breidsjurk fan satyn.*

*No leit alles hoeden wiske
ûnder 't winterske bewâld,
wûndermoaie wite wielde,
foar de bern in toverwrâld.*



Ferhalen fan in dûmny

Karnavalsmuzyk.

Al in hiel skoft kin de klok yn de toer fan de herfoarme tsjerke net mear let wurde. De toer kin safolle geweld net mear ferneare. De tsjerkfâdij har dêr in moderne oplossing foar fûn yn 'e foarm fan in kassetterekorder. Op it bandsje dat dêr yn sit stie it lieden fan de klok. En dat lieden klinkt dan troch de galmgatten. Op nijjiersnacht hawwe “tôgjende” jonges lykwols it bantsje ferwiksele. By it útgean fan de grifformearde tsjerke kaam út de toer fan de herfoarme tsjerke fleurige karnavalsmuzyk. It grifformearde tsjerkefolk fûn dat no net sa'n goed begjin fan it nije jier.

Altiten feest.

It âldminkse sei: “Se sizze dat it yn de himel altiten feest is. No, ik sil jimme dit wol sizze, dêr haw ik altiten gjin nocht oan!” □ Marten de Boer

Titus Brandsma

Titus Brandsma waard berne as Anno Sjoerd op Oegekleaster by Boalsert yn 1881, hy wie in boeresoan. Hy is pryster wurden en yn 1923 waard hy oan de nije Katholike Universiteit fan Nijmegen professor mystiek. Hy wie al betiid tsjin it nazisme, skriuw al in 1935 oer de Joaderferfolging yn Dútslân. Yn jannewaris '42 is hy oppakt en hy stoar yn 'e simmer fan dat-selde jier yn Dachau. Net sa bekend is dat er in hiel soad dien hat foar de Fryske taal en kultuer. Neist de RK-tsjerke yn Boalsert is no in lyts museum oan him wijd. Komme jim yn Boalsert, dan is it de muoite wurdich om der efkes te sjen. It leit efter it stêdhús oan 'e greft.

Hjirûnder noch in gedicht fan him.

□ Ynstjoerd troch Siebe Hiemstra

FRYSLAN (Titus Brandsma)

*Fryslân, wer't myn mem my widze,
Wer as bern ik boarte ha,
Wer't ik myn earste wurden útre,
fan gjin lânsdou hâld ik sa!*

*Fryslân, Fryslân, hâld dyn taal, dyn rom yn eare.
Fryslân, Fryslân hâld dyn flagge heech.*

*Fryslân, mei dyn eigen moaiens,
Dat my wille joech en nocht.
Mei in taal fol swiete lûden,
Der't ik 't leafst yn prate mocht.*

*Fryslân, Fryslân, hâld dyn taal, dyn rom yn eare.
Fryslân, Fryslân hâld dyn flagge heech.*

*Fryslân, mei dyn eigen brûkmen,
Lyts en leech troch frjemdling lein,
Mar dochs great yn folle dingen,
Fryslân ik bliuw dy trou ta d' ein.*

*Fryslân, Fryslân, hâld dyn taal, dyn rom yn eare.
Fryslân, Fryslân hâld dyn flagge heech.*



Freed 3 april toanieljûn by Vrieler

Op freed 3 april ha wy wer in kritejûn yn seal Vrieler. De toanielploech út Holwert “Pro Rege” spilet it blijspul “*Troch omstannichheden iepen*”. It stik is skreaun troch Aris Bremer en oersetten troch Betty Schiltstra. Wy ha de enthûsjaste spilers út Holwert wolris earder by ús hân.

Troch omstannichheden iepen

It is net sa maklik om it lytse doarpke Krimpen oan de Kronkel op de kaart te finen. Dochs komme Lidy, Ellen en Meta mei harren jierlikse kano-tocht dêr telâne. Om te skûljen foar in tongerbui bedarje se yn herberch “De Kromme Kronkel”.

Dizze hat, krekt as it hiele doarp, bettere tiden kend.



Freed 3 april, Pro Rege út Holwert mei “Troch omstannichheden iepen”. Brinkstraat 301, Enschede. Oanfang: 20.00 oere. Yntree: leden fergees; net-leden 9,50; studinten 5,00. Mei in gesellige ferlotting en boekeferkeap of boeken te lien.

Ha jo gjin ferfier of sjogge jo der tsjinoan om yn it tsjuster te riden? Belje dan even mei Grieteke van der Veer 074-2918564 of mei Paul Hoogendoorn 074-2777121.

“Sealterfrysk,” de taal dy’t hast útstoarn is

It Sealterfrysk is ien fan de meast bedrige talen fan de wrâld. Der binne noch sân tûzen minsken dy’t it prate. Se wolle ferbining sykje mei de Friezen hjirre om har eigen taal libjend te hâlden. In groep fan sa’n tritich Dútske Ost-Friezen wie ne yn it lêste wykein fan septimber yn Fryslân om û.o. de betinking fan de slach by Warns by te wjen. Se fiele har ek Frysk, mar ien fan harren talen, it Sealterfrysk is útstjerrend. Mei it “Ostfreesk Platt”, it Saksyske dialekt dat liket op wat se yn Grinslân prate, giet it better. It Sealterfrysk wurdt sa bot bedrige dat it yn it Guinness Book

of Records stiet as de “Lytste taal” fan Europa. Sealterlân hat iuwenlang isolearre west, en wie yn ’e simmer allinnich mei in boat te berikken. It wie in lyts gebiet op sângrûn middenyn in moerasgebiet. Dat hat der wol foar soarge dat de taal lang bewarre bleau is. It waard minder beynfloede troch bygelyks it Dútsk as oare regionale talen. Oan de Stenden Hegeskoalle yn Ljouwert kinne minsken dy’t meihelpe wolle om de taal te behâlden, in kursus folgje. De kursus is begjin 2019 úteinset en giet oer de taal, kultuer en skiednis fan Sealterlân. In pear foarbylden:

Sealterfrysk

Kop
Stierne
Oge
Nose
Mule
Tusk
Keeuwe
Soke

Die Mon, die dät döin had
Dät Böiden, wät dät döin häd
Die Mon, dän sien Rääd iek
leend hääbe
Dät Wieuw, ju hiere Waain
iek koopd hääbe

En it tellen is ek wol te ferstean: een, two, tjo, fjauer, fieuw, säks, soogen, oachte, njuugen, tjoon, alwen. □

Westerlauwers Frysk (ús Frysk)

holle
foarholle
each
noas
mûle
tosk
kin
wang



De man dy’t dat dien hat.
It bern, wat it dien had.
De man, waans fyts ik liend haw.
De frou, waans wein ik kocht haw.

Oanmelde by it Boun

It Frysk Boun om Utens hat yn 2023 100 jier bestien. Om dit te fieren, wolle wy graach safolle mooglik Friezen berikke. Net allinnich leden fan it Frysk Boun om Utens, mar ek famylje fan ús leden en alle Friezen om utens dy't it Frysk en Fryslân in waarm hert tadrage. Jo kinne jo opjaan as email-stiper fan it FBoU. It is fergees. As jo dat wolle moatte jo jo namme, jo email-adres, jo wenplak en jo âldens opjaan fia ûndersteand webstek fan it FboU: www.fryskbutenfryslan.frl

It feest sil wêze op 16 septimber 2023. Der is al in tariedingskommisje. Ideeën foar it feest trochjaan oan skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl

Rottige Meente by Nijetrine

Lange tiid wie it in ferstoppe pearle, natuergebiet de Rottige Meente yn in efterôfhoeke fan Fryslân, tusken Wolvegea en de Lemmer. De lêste jierren hat Staatsbosbeheer it feangebiet tagonklikker makke. De Rottige Meente leit as in eilân tusken de polders. In sompich eilân, want it lânskip tanke it ûntstien oan de turfwinning. It is in mozayk wurden fan wetter en lân, reit en trilfean, bloeiende gerslânnen en petgatten. Mei in ryk bisten plantelibben. Je soene de otter oantrefte kinne, mar dy lit him noait sjen. Sûnt in oantal fan dizze swimmers yn de net fier ôf lizzende Weerribben útsetten waard, ha de otters de wei nei de Rottige Meente witten te finen. It gebiet makket diel út fan de Ecologisch Hoofdstructuur, it netwurk fan besteande en te ûntwikkeljen natuergebieten yn Nederlân dêr't bisten har lâns ferpleatse kinne. Hjir tichtby leit de “Driewegsluis” in belangryk punt foar wettersporters dy't fan Oerisel nei de Fryske marren farre wolle.

- Annemarie Bergfeld “200 plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben”



Iel

“Iel giet foar it waar op,” sei de âld-fiskersman yn Rypstsjerk en hy fertelde my mannich mysterieus ferhaal oer de iel. Jo hienen yn syn tiid yn it Bûtenfjild greidlân dat der winterdeis ûnderstrûpte. Dêr hienen se de fûken op stean, want de iel ieze op de rûpen dy’t by heech wetter ûnder de kowestront weikamen. Mar bytiden, it wie dan hjerst of winter, wie ’t ynienen dien, dan fongen wy gjin ieltsje mear, de froast komt der oan, seienen wy dan. De iel giet nei djipper wetter. En wier is ’t, de oare nacht frear it. Mar dan hienen wy de fûken dêr fansels al wei, de iel hie it ús al ferteld.

□ Rink van der Velde út: “Sa wie ’t sawat”

Gemeentes

Der binne no fiif grutte gemeentes yn Fryslân:

NE-F = Noardeast Fryslân

WH = Waadhoeke

DFM = De Fryske Marren

SW-F = Súdwest Fryslân

Le = Leeuwarden.

In protte “lyts” guod is dus opromme.

Harns (Ha) is noch apart.

Yn’e Wâlden is alles noch itselde bleaun. En de eilannen binne ek noch harsels.



Op azem komme (Gjalt Huizinga)

*Beammen riigje nei de kime
ekers eagje swart egaal
alles azemt rêst en romte
minsken komme op ferhaal.*

*Buorkerijen stean te dreamen
yn de kâlde wite see*

*krekt as tilt in hân ûnsichtber
alles fan ’t âlde stee.*

*’t Alde jier krûpt stadich fierder
hâldt de azem eefkes yn...
stikem eagjend nei ’t foarbije
hoopjend op in nij begjin.*

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Nijs út Fryslân

Gysbert Japicxpriis foar Aggie van der Meer. Skriuwster Aggie van der Meer (91) hat op 16 novimber de Gysbert Japicxpriis yn ûntfangst nommen yn de Martinitsjerke yn Boalsert. Hja krige de oarkonde fan kultuerdeputearre Sietske Poepjes foar har hiele oeuvre, fan poëzij, romans en novellen. Yn har tankwurd sei Aggie van der Meer dat it moai wie dat de priis nei 30 jier wer ris nei in frou gien is. De Gysbert Japicxpriis is de wichtichste priis fan de Fryske literatuer en wurdt om de twa jier útrikt. Neist in oarkonde ûnfanct de winner in bedrach fan 10.000 Euro.

Domela Nieuwenhuis 100 jier lyn ferstoarn. “Us ferlosser” is op 18 novimber 100 jier lyn ferstoarn. Dat wie de bynamme fan ds. Ferdinand Domela Nieuwenhuis (1846 - 1919), de romrofte sosjalistyske en letter anargistyske foarman. Fan ein jierren 1870 ôf besocht Domela as ien fan de earsten mear rjochten foar arbeiders foarinoar te krijen. Yn Fryslân krige hy in grutte oanhing. Dit jier binne der ferskate aktiviteiten om Domela te betinken en syn gedachtegoed yn eare te hâlden.

Monumint wapendroppings Ketliker Skar. Yn de winter 1944/45 ha fjouwer suksesfolle wapendroppings foar it ferset pleatsfûn yn it Ketliker Skar, in natuergebiet by Mildam. Op it slotsje yn it Ketliker Skar, fan de famylje Bieruma Oosting, wiene radio's ferstoppe. Dêr lústere men stikum nei de Ingelske radio. Kaam der in koade-berjocht fia de radio dan wisten de minsken fan it ferset dat der dy nacht wapens delkomme soene op in plak yn it natuergebiet. De wapens waarden dan earst ferstoppe op de pleats Moskou, dy't neist it natuergebiet leit. Sûnt koart stiet op dat plak yn it Skar in monumint dat omtinken jout oan dy wapendroppings.

Nyk de Vries, nije dichter fan Fryslân. Op it “Explore the North” festival yn Ljouwert is Nyk de Vries troch deputearre Sietske Poepjes be-neamd ta nije Dichter fan Fryslân. Nyk de Vries folget Eeltsje Hettinga op. As dichter fan Fryslân treedt Nyk de Vries yn de kommende twa jierren op as poëtysk ambassadeur. Hy skriuwt 6 oant 10 gedichten jiers, ynspirearre troch opfallende en aktuele saken yn de provinsje.

“Old Frisian Summer School” krijt twadde edysje. De Old Frisian Summer School is in gearwurking tusken de Ryskuniversiteit fan Grins en de universiteit yn Oxford. It moat de ferwantskippen tusken it Frysk en it Ingelsk nei foaren helje. Fan 22 - 28 juny 2020 yn Grins en Fryslân. □

Resept

Tsiistaart:

5 stikjes djipfries blêddaai; 2 sipels; 1/2 ytl. oalje; piterseelje; 4 aaien; 200 gr. raspe belegen tsiis; 100 gr. rauwe skinke (of spekjes); potsje soere rjemme; 1 teeleppel paprikapoeier; piper; (blom).

In stik as fiif stikjes blêddaai yn in kertier ûnttaaie litte. Wylst in springfoarm fan 24 sintimeter trochsneed ynfetsje. De sipels skile, yn tinne rinkjes snije en yn de oalje in minút as trije fruitsje. In stik as trije túfkes piterseelje fyn knippe boppe in bakje. No fjouwer aaien krije, losklopje en der de ôfkuolle sipelringen, de fynknippte piterseelje, de raspe tsiis, in potsje soere rjemme en in bewyske paprikapoeier troch rierde. De oven oansette op 225 graden. In lyts bytsje blom oer it oanrjocht struie, it blêddaai opinoar lizze, in daairol krije, dy ek bestowe mei blom en it blêddaai útrôlje ta in rûne lape dy't oan alle kanten twa sintimeter rojaler is as de springfoarm. De lape daai yn de springfoarm flije en der mei in foarke wat gatsjes yn stekke. De helte fan it aaiduod deryn jitte en glêd strike. Dan de stikjes rauwe skinke derop lizze en ôfdekke mei it oare aaiduod. Yn 'e midden fan de oven goudbrún en gear bakke.

□ Ut "De nije Petiele" fan Wieke de Haan

Tiden hawwe tiden

Boppe yn't bûthús in bedstee foar de feint. Winterdeis in smout plakje. In stap oer de planke, de broek en it boesgroen oan, klear. Letter woenen de feinten net mear by de kij slipe.



Boekenijis

Bûsboekje 2020. Dé Fryske aginda, dit kear mei as tema: *De tiid hâldt gjin skoft*. It Bûsboekje is in útjefte fan de Ried fan de Fryske Beweging. *Priis: 7,50*. Te bestellen op bestelle@busboekje.frl

Waling Dijkstra, Duvelskeunstner, Abe de Vries. Waling Dijkstra is 92 jier wurden en dêrfan hat er 75 jier skreaun. Der binne mear as 120 boeken en boekjes fan him útkommen, dêrneist hat er hûnderten losse gedichten en ferhalen skreaun. Hy wie redakteur fan trije belangrike tydskriften yn de 19e iuw. Syn “Uit Frieslands Volksleven”, in samling fan Fryske folksferhalen, stiet noch altyd heech oanskreaun. *Priis: 19,95*.

Wek yn de rivier, Durk van der Ploeg. It giet wer oer de oarloch yn it nijste boek fan Durk van der Ploeg. Twa broers wurde behelle by fersetswurk as de âlderlike pleats brûkt wurdt foar wapendroppings. Yn it twadde part fan it boek wurdt beskreaun hoe't it libben fan de broers nei 1945 ferrint. Ake de âldste giet werom nei de Universiteit; de jongste bliuwt by syn mem. *Priis: 19,90*.

Sanfirdo, Bennie Huisman. Huisman hie alris is in novelle skreaun oer in man dy't krekt fan it konseervatorium komt en de dochter fan de koster fan it tsjerkje yn Sânfurd.

It ferhaal beskriuwt de fiif dagen dat se wat mei elkoar hawwe. Oan de ein giet Elize nei Ingelân, dêr't har suster krekt in poppe kriegen hat; Liuwe stekt mei syn sylboat fan wâl en sjocht Sânfurd yn 'e dizze achter him ferdwinen. Yn Sanfirdo beskriuwt Huisman op 'e nij hoe 't Liuwe en Elize inoar moetsje en hoe 't it dêrnei fierder giet. *Priis: 19,50*.

Dwaaltún, Anders M. Rozendal. Rachel, in al wat âldere frou, is ien fan de folgelingen fan Jezus. Nei syn dea wol se net langer yn Jeruzalem bliuwe en reizget nei har famylje yn Antipatris. Dat it better west hie om dêr noch eefkes mei te wachtsjen wurdt har dúdlik as geroften oer de opstanning fan Jezus yn har nije wenplak de rûnte dogge. *Priis: 16,00*.

Hilgelân (Helgoland), Palisse Reisgids, Tako de Jong. Noch gjin twa kante kilometer, grutter is Hilgelân net. “In reisgids” neamt De Jong syn boek. Dy foarm hat it ek en der stiet ek genôch toeristyske ynformaasje yn, mar yn feite is Hilgelân in folweardich boek oer de skiednis en de eigenaardichheden fan in fassinerejende stip midden yn de Noardsee. Friezen hawwe wat mei dat eilân, dat is de reden dat it boek yn it Frysk skeaun is. *Priis: 20,00*. □ Ali Bonhof

Witte jo dat

- Wy alle leden in hiel goed en sûn nij jier tawinskje? **Folle lok en seine yn 2020!** De krite sil yn't nije jier fjirtich jier bestean.
- Sybrandy's Speelpark yn Aldemardum ophâldt te bestean? In ûndernimmer wol no de attraksjes oernimme en 4 km fersette nei de Iselmarkust by it rekreaasjeterrein De Hege Gerzen.
- It boek Rimen en Teltsjes út 1918 fan de bruorren Halbertsma fergees te downloaden is fia www.gutenberg.org? Frijwilligers ha dat boek wurdse foar wurdse yn de kompjûtersystemen ynfierd.
- Op 'e kritejûn yn oktober wol 13 twaddehâns boeken ferkocht binne en 4 útliend? Eeke komt alle kearen mei in wikseljende kolleksje.
- De lieten fan Boudewijn de Groot (hy is no al 75 jier) yn it Frysk oerset binne troch Cees de Wolff. Ynformaasje: www.boudewijndegroot.frl
- Der yn Fryslân dit jier al 51 otters yn it ferkear dearden binne? Men skat dat dit ûngefear de helte fan de populaasje is. Yn 2002 jilde de otter noch as útstoarn en is der in weryntroduksje programma opset; dat hat dus wol fertuten dien, mar no moatte der dus wer beskermjende maatregels nommen wurde.
- Der in nij Frysktalich tydskrift útbrocht is troch de Ried fan de Fryske Beweging, "De Nije"? Yn oktober is it earste nûmer publisearre. De Nije is de keap by alle winkels fan Poiesz en by alle boekhannels yn Fryslân.
- Fan hokker plak der in foto efter op dizze Twirre stiet? De foarige kear hienen wy de tsjerke fan Surhuzum.
- Op 'e seedyk yn Holwert in pear hiel aparte bylden stean? As je fan Ternaard komme, kin je se yn 'e fierte al stean sjen. Wol fiif meter heech. Se bin makken troch Jan Ketelaar út Drachten en ha de titel "Wachten op hoog water."



fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

